

Wolkom by Tsjil Tsjekt!



Wat moai dat jim meidwaan sille oan it programma!

Tsjil Tsjekt is in ynteraktyf programma. Yn it programma stelt presintator Raynaud Ritsma fragen oan de klasse, dy't jim direkt - wylst jim nei it programma sjogge – ynfiere moatte yn de digitale omjouwing fan Tsjil Tsjekt. Mei de antwurden kinne jim punten skoare. Raynaud daget jim ek út om mei de klasse in challenge te dwaan. Filmje jim challenge en fertsjinje dêr ek punten mei! Wurdt jim klasse de 'Tsjilste klasse fan it jier?'

Praktyske saken

Dizze Tsjil Tsjekt giet oer 'dyn taal'. It programma bestiet út twa dielen. Tusken de publikaasje fan de twa dielen op www.tsjiltsjekt.nl sit dizze kear trije wiken tiid. Yn dy wiken hawwe de learlingen de tiid om de challenge út te fieren en harren filmke te dielen op de Tsjil Tsjekt-webside.

Dit hawwe jim nedich foar de fragen en opdrachten oer 'dyn taal' yn dizze Tsjil Tsjekt:

- De ynlochkoade foar de Tsjil Tsjekt-omjouwing: yn dy omjouwing sjogge jim nei it programma en kinne jim de antwurden ynfiere. Noch gjin ynlochkoade? Freegje dy oan fia de oanmeldknop op de webside www.tsjiltsjekt.nl.
- In apparaat mei in ynternetferbining (in tablet, laptop, chromebook ensfh.). Meardere apparaten om tagelyk wat op te sykjen kin soms handich wêze.
- It tydskrift Tsjil. Binne jim abonnee fan Tsjil? Yn Tsjil fan oktober stiet in tekst dy't jim nedich hawwe om it antwurd op ien fan de fragen te finen. Noch gjin abonnee? Brûk dan de pdf fan it tydskrift dy't te finen is op www.tsjiltsjekt.nl.
- Materialen om gau mei-inoar ta ien antwurd te kommen op in fraach: brûk bygelyks in 'wisbordje' om te stimmen oer de stelling of soargje dat alle learlingen in papierke hawwe om in antwurd op te skriuwen, sadat de antwurden sa gau mooglik sammele wurde kinne.

De challenge

Doch mei oan de Tsjil Tsjekt Challenge:

- Skriuw in koarte rap fan fjouwer rigels op de beat fan Gaiske en DJ DULAC út Pleinpraat en brûk deryn alle nije Fryske wurden dy't sy betocht hawwe. De list mei wurden en de beat binne te finen op tsjiltsjekt.nl.
- Filmje jimme rap, upload it bestân nei in ôfskerme link (youtube, google drive etc.) en diel dy link fia de webside www.tsjiltsjekt.nl.
- Wow! It meidwaan oan de challenge ferdûbelet(!) de behelle punten yn diel 1 fan 'dyn taal'. Safolle pompys litte jimme dochts net lizze?
Let op: Diel de link nei jim filmke **foar 26 oktober**. Allinne dan docht jim filmke mei om de punten!

Sukses en in soad wille!

P.S.Troch mei te dwaan oan dizze ôflevering hast wurke oan de keardoelen: 17, 18, 19, 22 en 54 (boarne: www.slo.nl)



Mear dwaan mei dit tema?

Wolle jim nei oanlieding fan dizze Tsjil Tsjekt mear dwaan mei it tema taal?

Yn de metoade Spoar 8 binne ferskillende materialen te finen oer dit tema:

- Temateek: sjoch yn it tema 'Brûk dyn taal!' foar teksten, filmkes, spultsjes, boeketips en mear losse materialen.
- Taalaktiviteiten:
Yn de taalaktiviteit 'Alfabetposter' meitsje de learlingen mei-inoar in meartalige alfabetposter.
- Projekten:
Yn it projekt 'Opfalle mei rym' leare de learlingen oer rym en meitsje de learlingen in eigen rap.
Yn it projekt 'Allegear taal' giet it oer talen yn Fryslân en yn de wrâld en hoe't dy op elkoar lykje en meitsje de learlingen in miny-taalkursus Frysk.

Sikest noch in Fryske oanfolling foar it berneboekewiketema 'Gi-ga-groen', sjoch dan yn Spoar 8 by:

- Temateek: sjoch yn it tema 'Sjoch om dy hinne' foar lêsbrieven by it boek 'de Goargels' en 'Heksegryta', filmkes en ynformative teksten oer bisten en lânskippen.



Yn it tydskrift Tsjil steane neist ferskillende teksten oer taal ek nijsgjirrige nijtsjes, puzzels en in strip!

Noch gjin Spoar 8 en/of Tsjil by jim op skoalle? Freegje de metoade en it tydskrift hjir FERGEES oan:

<https://taalplan.frl/oanmelde/>